



Bart Helmholt is voor statisticus Sjoerd Huitema de grote favoriet op het FK. FOTO NIELS DE VRIES

Levensredder en cijfergek

Sjoerd Huitema weet alles van het fierljeppen. De statisticus van het Frysk Ljeppersboun is ook vanmiddag op het FK in Winsum weer 'aan het werk'. „Ik ha wat mei siferkes.”

EDWIN FISCHER

Sjoerd Huitema is een rustige man. Bedachtzaam en kalm. Gekke sprongen zal hij niet maken. Het past bij het beeld van een statisticus. Maar het zijn ook eigenschappen die hij in zijn dagelijks werk als ambulancechauffeur nodig heeft.

„It kin om libben en dea gean”, weet de 58-jarige inwoner van Sneek. „Moatst dus goeie beslissings nimme. En moatst op 'e ambulânse ek risiko's nimme. Mar wolst sels jûns ek wer nei hûs en dyn kollega ek. Dus de risiko's nimst binnen de grinzen.”

Hij praat heel rustig over zijn werk. Eigenlijk zonder emoties. „Ik kin alles sjen en kinst begripe datst hiel slimme situaasjes by ûngeloken tsjinkomst. Mar ik bin noch nooit beroerd wurden fan wat ik sjoen ha.”

Mentaal is hij sterk genoeg. Na elke rit kan hij de meegemaakte ellende weer afsluiten. „Ik ha ek noch nooit help sykje hoegd om dingen te ferwurkjen. Dat komt omdat ik hiel

rasjoneel bin. Ik set alles op in rychje. Ha ik der alles oan dien en ha ik it goed dien? As dat sa is, dan is it goed. Want witst ien ding seker; kinst net eltsenien rêde.”

Huitema kon van een uit de hand gelopen hobby zijn werk maken. Hij begon als ambulancechauffeur in 1987 na een 'in house-opleiding' met wat weekenddiensten, maar kreeg in 2002 de kans om een vaste baan te krijgen. „Ik wurke by in masinebedriuw dat masines foar de suvel makke. Mar doe ik dizze kâns krige, ha ik him oanpakt. Ik woe nei 25 jier doch wolris wat oars.”

Dat jubileum heeft hij inmiddels ook bereikt als statisticus van het FLB. Maar deze keer denkt Huitema nog niet aan stoppen of aan het zoeken van een andere hobby. „Dy ha ik ek al yn famyljeûndersyk, genealogy dus. Mar ik fyn it byhâlden en kombinearjen fan de siferkes by it ljeppen en it meitsjen fan statistiken noch altyd moai wurk. En ik gean noch hieltyd mei in protte wille nei wedstriden ta. As ik tink 'der komt alwer in fierljeppseizoen oan',

dan hâld ik dermei op.”

Sinds 1987 houdt Huitema alle fierljeppstatistieken bij. Het was het jaar dat het FLB de beschikking over een computer kreeg. Huitema zat in het bestuur als secretaris en legde zich toe op het verzamelen van statistieken. Nu doet hij dat al jaren samen met Johanna Deinum, al houdt die zich meer bezig met het ljeppseizoen zelf, bijvoorbeeld met de promoties en degradaties.

„Sels ha ik altyd wat mei siferkes hân”, zegt Huitema. „Ik ha ek útsocht hoe't de sifers ûntstien binne. Mar ik bin gjin computerfreak, al ha ik no al alles yn de computer stean.”

Hoewel hij al vanaf 1987 een computer tot zijn beschikking had en vanaf dat moment de cijfers invoerde, begon Huitema pas in 2005 met het completeren van zijn archief. „Ik ha no hast alles ynscand. Argiven fan mannen as Teake Bult en Egge Huistra ha'k allegear ynfiend. En ek alles wat ik oer ljeppen yn de Ljouwerter Krante fine koe. Ik fûn it machtich dat de LC it folsleine argyf digitaal makke hat. Ik ha mear as 2500 pdfkes mei stikjes oer ljeppen.”

De invoering van de carbonpolsstok en de ferme sportieve ontwikkeling die dat opleverde, bleek voor Huitema een extra stimulans. „It wie byhâlden wurden. No't it ljeppen him sa ûntwikkelt, is dat de útdaging dy't ik miskien nedich hie. Want stoppest der in seizoen lang wol

tsien oeren yn 'e wike yn.”

Als er iemand binnen de fierljeppwereld is die kan zeggen wie de allerbeste ljepper ooit is, dan is Huitema, die overigens een persoonlijk record van 14,44 meter achter zijn naam heeft staan. „Bart Helmholt rint der echt út. As hy op dit FK noch twa kear oer de 18 meter springt, sit hy op 400 sprongen fan oer de 18 meter. Dat is ôfgrysliek folle. En Bart hat al 205 deittitels wûn. Dêr komt ek gjinien by yn 'e buert. Al moat ik al sizze dat se yn de tiid fan Roel Bokke Span mar in wedstriid of fyftjin yn in seizoen sprongen. Dat binne der al jierren seker tsien mear.”

Helmholt is voor Huitema vandaag ook de grote favoriet om bij de senioren weer Fries kampioen te worden. „Hy sil mei 21,20 winne, tink ik.” Bij de junioren mikt hij op Age Hulder. „Omdat Age ûnder druk krekt wat mear kin as de oaren. Hy hat oan 19,55 – ek in moai jiertal, ha ha – genôch foar de titel.”

Het omgaan met de spanning geeft volgens de statisticus ook bij de vrouwen de doorslag. „Dêrom wint Klaske Nauta, al hâldt it wol op mei in sprong fan 15,80. En by de jonges wint de grutte favoryt Bobby Zwaagman gewoan. Hy pakt it kampioenskip mei 18,30.” Huitema bouwt wel een voorbehoud in. „It is it FK, dêr kin eins eltsenien winne. Omdat eltse ljepper mei pine yn it liif nei Winsum komt.”



'Ik bin gjin computerfreak, al ha ik no al alle sifers yn de computer stean'